Voorwoord

WETTERSKIP FRYSLÂN

Voor u ligt de eerste voortgangsrapportage over het verslaggevingsjaar 2026. Conform de planning en control (P&C) cyclus wordt tweemaal per jaar een voortgangsrapportage opgesteld, waarmee het dagelijks bestuur verantwoording aflegt aan het algemeen bestuur over de voortgang van de uitvoering van de begroting 2026. In deze voortgangsrapportage zijn de meest actuele gegevens meegenomen in de prognose van de baten en lasten. Als onderdeel van de P&C-cyclus sturen we door middel van deze rapportage bij voor de volgende jaren.

Deze voortgangsrapportage is in opzet anders dan voorgaande jaren. Zoals aangekondigd in de begroting 2026 willen we met de doorontwikkeling van de P&C-cyclus en de bijbehorende producten (begroting, voortgangsrapportages en jaarstukken) gehoor geven aan de wensen van het algemeen bestuur. Zo is door middel van de voortgang op prestatie-indicatoren meer aandacht gegeven aan de reguliere taken en lichten we op alle doelstellingen toe wat we gaan doen en/of hoever het ermee staat.

De eerste ervaring die we met deze werkwijze hebben opgedaan komt tot uitdrukking in deze 1e voortgangsrapportage 2026. We constateren dat het gewenste (ambitie)niveau nog niet is bereikt. We gaan door met het ophalen van de informatiewensen en waar de bestuurlijke prioriteiten liggen en hoe daar invulling aan kan worden gegeven. Belangrijk hierbij is welke definitie we hanteren voor prestatie indicatoren (stuurwaarde) en welke informatie dient als meetwaarden (gegevens?voor?bedrijfsvoering).?

Het overzicht van de financiële baten en lasten van de exploitatie is vereenvoudigd om de leesbaarheid te verbeteren. De financiële structurele effecten uit deze voortgangsrapportage zijn ook vertaald in de perspectiefnota 2027-2031.?

De aanpassingen van de verzamelkredieten is gemandateerd aan het dagelijks bestuur. Voor de volledigheid wordt ter kennisgeving aan het algemeen bestuur in deze rapportage ook de voortgang op de investeringen weergegeven welke van invloed zijn op de verzamelkredieten.?

Foarwurd

Foar jo leit de earste fuortgongsrapportaazje oer it ferslachjier 2026. Neffens de planning- en kontrôlesyklus (P&C-yklus) wurdt twa kear yn it jier in fuortgongsrapportaazje opsteld, dêr't it deistich bestjoer mei ferantwurding ôfleit oan it algemien bestjoer oer de fuortgong fan de útfiering fan de begrutting 2026. Yn dizze fuortgongsrapportaazje binne de meast aktuele gegevens meinommen yn de prognoaze fan de baten en lêsten. As ûnderdiel fan de P&C-syklus stjoere wy mei dizze rapportaazje by foar de kommende jierren.

Dizze fuortgongsrapportaazje hat in oare opset as yn foargeande jierren. Lykas oankundige yn de begrutting 2026 wolle wy mei de trochûntwikkeling fan de P&C-syklus en de dêrby hearrende produkten (begrutting, fuortgongsrapportaazjes en jierstikken) temjittekomme oan de winsken fan it algemien bestjoer. Sa is der troch middel fan de fuortgong op prestaasje-yndikatoaren mear omtinken jûn oan de reguliere taken en ljochtsje wy by alle doelstellings ta wat wy dwaan sille en/of hoe fier't wy dêrmei binne.

De earste ûnderfiningen dy't wy mei dizze wurkwize opdien hawwe, komme ta utering yn dizze 1e fuortgongsrapportaazje 2026. Wy konstatearje dat it winske ambysjenivo noch net berikt is. Wy geane troch mei it opheljen fan de ynformaasjewinsken, it yn kaart bringen fan de bestjoerlike prioriteiten en hoe't dêr ynfolling oan jûn wurde kin. Dêrby is wichtich hokker definysje wy brûke foar prestaasje-yndikatoaren (stjoerwearden) en hokker ynformaasje tsjinnet as mjitwearden (gegevens foar de bedriuwsfiering).

It oersjoch fan de finansjele baten en lêsten fan de eksploitaasje is ferienfâldige om de lêsberens te ferbetterjen. De finansjele strukturele effekten út dizze fuortgongsrapportaazje binne ek ferwurke yn de perspektyfnota 2027–2031.

De oanpassingen fan de sammelkrediten binne mandatearre oan it deistich bestjoer. Foar de folsleinens wurdt yn dizze rapportaazje, ta kennisjouwing oan it algemien bestjoer, ek de fuortgong fan de ynvestearrings werjûn dy't fan ynfloed binne op de sammelkrediten.